



Nijsbrief fan de Feriening Bêd & Brochje

Juny/july 2022

Slagge Ledegearkomste

Der wiene krekt wat mear ôfmeldingen as oanmeldingen, mar lang om let fûn er dan dochs plak: de Jiergearkomste 2022 fan de Feriening Bêd & Brochje. En dat wylst der yn de ôfrûne jierren sa 'n 9 nije leden by kommen binne. It bestjoer hat meardere kearen in moaie ynhâldlike aginda opsteld om oan de leden foar te lizzen, mar hieltyd moast de gearkomste ôfsein wurde. Plûmke foar it Fries Scheepvaartmuseum, dat alle kearen wer yn de startblokken stie. Einlings koe de (deifarske!) oranjekoeke presintearre wurde, lykas de rûnlieding troch it museum. Nei de 'mankearde' jierren 2020 en 2021 stie op 10 maaie 2022 dan in aktuele aginda grôtfol nijs klear foar de leden. De wichtichste 'highlights' fan de ôfrûne tiid passearren de revu, opfolge troch de besyksifers fan de webside. Dúdlik is, dat wy yn 'e lift sitte!

Boekingskalender

Ien fan de fragen dy 't tuskentiids by it bestjoer opkommen wie, gie oer in boekingskalinder. Jo witte wol: gasten prikke by de oanbelangjende lokaasje frije data oan - en it gastadres moat dit akkordearje. Lykas no de boekingen fia de site ek al ferrinne dus, mar dan ha je allinnich noch korrespondinsje oer data dat de oanbelangjende B&B noch plak hat. Je hoege dus gasten minder faak ôf te sizzen. Handich foar de leden?

Bestjoerder Baukje Miedema socht it út en lei de (ûn)mooglikheden en kosten út dy 't dêrmei aneks binne. De ledegearkomste beslút dat de beslissing oer dit punt nommen wurdt op de plande kursus oer Sociale Media. De hear Franke fan B&B It Aanleg yn Snits hat op syn eigen webside sels al in kalinder set. Us B&B-side ferwiist troch nei dy kalinder. Op dit stuit in prima tuskenoplossing. Elk dy 't wat handich is mei de pc soe dit dwaan kinne moatte, aldus Franke. Hy hat oanbean dat er oare B&B's dêrby helpe wol. Fantastysk! Jo kinne him dêr dus oer benaderje: hetaanlegsneek@gmail.com.

Kursus Sociale Media en TCF

Bestjoerder Lutske Wijma is yn petear mei in grutte spiler op de toerismemerk, Ynbusiness. Har is frege om fia it Toerisme Collectief Friesland de kommende hjerst in kursus te organisearjen foar ús leden. Doel: sichtberder meitsje fan ús soarte fan lytsskalige B&B's troch Sosjale Media. It docht nammentlik bliken dat better gebrûk makke wurde kin fan media lykas Facebook, Instagram en

Website. De kursus giet troch by minimaal 10 leden. Yn de Ledegearkomste wie der in soad belangstelling foar. Sadree 't de ôfspraken makke binne, folget de útnûging mei data, ynhâld en lokaasje fan de gearkomsten. Us B&B's foarmje al in netwurk, betingst foar it TCF om wat te organisearjen.

Reviews

Op de Ledegearkomste fan 10 maaie is ûnder oaren ynformaasje jûn oer reviews. Dat binne beoardielingen, dy 't klanten efterlitte kinne op de webside en dy 't iepenbier sichtber binne. Wa 't wolris in hoteltsje boekt, sjocht ornaris wat gasten deroer skreaun hawwe. Fan ' hearlike bêden ' oant en mei ' Niet erg schoon ' - om mar wat te neamen.

It bestjoer fynt reviews net passend by ús feriening. Yn de reviews wurde sifers jûn, wat útmûnet yn in gemiddeld sifer per B&B. Je krije dan better en minder skoarende B&B's, dat wolle we net op ús Site. De ledegearkomste is it dêr mei iens, der komme dus gjin reviews. Wol sille we sjen wat Facebook foar ús feriening betsjutte kin.

Bestjoersleden socht en Site-wizigingen stjoere nei: websiteside@bedenbrochje.nl

Op 'e Ledegearkomste die bliken dat ferskate leden pas yn 'e takomst in bestjoersfunksje ambiearje – wat per saldo betsjut dat twa ' fuortgeande ' bestjoerders harren post noch efkes besette sille (moatte). Ponghâlder Dieuwke Visser bliuwt de finânsjes ta neier oarder bewekjen (út de kaskontrôles 2019, 2020 en 2021 die bliken dat se har wurk tige serieuus nimt!). Site-bestjoerder Baukje Miedema hâldt de site-kontakten mei nijkommers oant in nij bestjoerslid it oernimt. Tink der ris oer nei, Baukje wijt dy graach yn!

Baukje en opfolger krije wol minder wurk, want de feitlike, technyske, oanpassingen op de site, lykas wizigingen fan priis en omskriuwing, oanmeldings fan nijkommers en sa wurde tenei útfierd troch web-bouwer Ruud Meurs, Murnserdyk 40, 8573 WP Murns, websiteside@bedenbrochje.nl. Dus at jim in wiziging ha, graach rjochtstreeks kontakt opnimme mei websiteside@bedenbrochje.nl.

Mear akkommodaasjes op ien adres

Der binne leden dy't mear akkommodaasjes oanbiede, neist keamers yn hûs noch in apart simmerhúske bygelyks. Foar de boekingen kin it handich wêze dat sa'n aparte akkommodaasje in eigen fermelding op in eigen pagina krijt. De Ledegearkomste hat besletten om in koarting te jaan foar dy twadde fermelding. Foar in twadde pagina mei beskriuwing ynklusyf 10 foto's betellet in lid € 50 kontribúsje yn stee fan de reguliere € 75 jiers.

Jubileumjier 2023

We werhelje ússels: takom jier bestiet de Feriening Bêd & Brochje in heale iuw! Reden om in Jubileumgroepke yn te stellen. De dames Uilkje Kampen, Riemke Zijlstra en Alie Rusch lûke de karre - mar kinne noch mear help brûke. Op de Ledegearkomste gie Uilkje Kampen yn op de plannen om dit jubileum te fieren. Fansels sille wy dat flink fiere, in feestdei foar de leden stiet mei stip boppe-oan! Foar de reuring nei bûten is kontakt socht mei Omrop Fryslân om in dokumintêre oer ús Feriening te meitsjen. Foar in edukative toets hoopje wy noch dizze hjerst de kursus Sosjale Media fersoargje te litten, ek yn it ramt fan ús jubileum. It soe ommers moai wêze as elk, goed ekwiparre, foar nije oanwaaks soargje kin troch sosjale media yn te setten. Ommers: wat mear leden, wat lûder en wichtiger ús stim yn it groeiende toerisme wurde kin. Want dat is ' booming '!